

# De Frije Fryske Universiteit fan '68

De Lawei yn Drachten, 22 novimber 1968. De Natio Frisica, in Amsterdamske studinteferiening, fierde syn fjirtjinde lustrum. Under de mânske portretten fan Ho Tsji Min en Che Guevara en tsjin de eftergrûn fan de pompeblêden waard de oprjochting oankundige fan in werklik Frije Fryske Universiteit. Muorrekranten en leuzen dy't de nachts fan te foaren op 'e strjitte kalke wiene, suggerearren in besetting. Inkelde resjersjeurs yn boarger hâlden de gong fan saken skerp yn it each, mar griepen úteinlik net yn. Tony Feitsma, krekt meiwurker Frysk oan de VU, hâlde in lêzing. Fryske kolleezjes koene net langer driuwe op de seedlike ferplichting fan Fryksinnige studinten. It wie neffens har tiid foar fernijing. Der moast mear omtinken komme foar nije metoaden, foar de literatuur, dy't oant no ta ûndersnijd west hie troch de taalkunde, en foar ferlikingen mei oare minderheden. Ek soe de frisistyk mear ynspylje moatte op aktuele hjoeddeiske ûntjouwingen.

Dêrnei kaam de eksintrike baron Sixma van Heemstra oan it wurd. Hy hie krekt in boek skreaun oer dubieuze bemuoienissen fan de BVD mei Fryslân en de Fryske beweging en die syn beklach.

It wie dy deis dat ik foarsteld waard oan Tony. Ik frege skruten oft se miskien ús heit kende. Har werwurd wie: "Bisto in soan fan Klaas?" Oan my, in folslein anonime studint út it Amsterdam fan de roerige jierren sechstich, waard ûnferwachts in beaken tawurpen, dat my mei myn woartels ferbûn.

## ***Ideology fan de Fryske beweging***

Tony joech oan it útroppen fan de Frije Fryske Universiteit in passend ferfolch, yn de foarm fan de oprjochting fan de wurkgroep 'Ideology fan de Fryske beweging'. Leden wiene Hoatse van der Mark, Arend Boersma, Douwe Kooistra en ik. Us ynspiraasjeboarne wie 'One dimensional man' ('De iendimensjonale minske') fan de Amearikaanske filosoof Herbert Marcuse. Neffens him libben we yn in tiid dat maatskippijkritysk tinken hast net mear mûglik wie. De lúkse en oerfloed fan dizze tiid mei technologyske snufkes as Bach yn 'e keuken en iiskâlde kola op it strân hie de ferbyldingskrêft fan dichters en dreamers oer in bettere wrâld yn it skaad steld. De arbeiders wiene op dizze manear ynpakt en inkeld minsken mei in marginale posysje, lykas artysten, studinten en minderheden, soene noch yn ferset komme kinne. Dy soene har ynsette moatte foar in ekonomy fan it genôch, mei in soad frije tiid en romte foar aktiviteiten fol fantasij.

Wy wiene fan betinken dat ek it Frysk, lykas oare uteringen fan lokale en regionale kultuer, weidrukt waard troch de 'ienheidskultuer' dêr't Marcuse it oer hie. In bekende útdrukking út dy tiid wie 'repressive tolerânsje': jou in minderheid of in oare ferhûddûke groep wat ynpraak en in pear skeamele rjochten en hâld se op dy manear ûnder de tomme.

Sokke tinzen wiene doedestiids net foarbehâlden oan studinten dy't it yn 'e kant sette woene. Op in ûntfangst troch de Provinsje Fryslân hie de kristendemokratyske deputearre Van der Mark it der ynienen ek oer dat it mar ris út wêze moast mei de 'repressive tolerânsje fan Den Haach' foar it Frysk oer - al wie dat miskien ynflústere troch syn soan Hoatse.

### ***Falsches bewustsein***

We moasten fansels ek mei ús ideeën op in paad. Sa komt it my yn it sin dat ik in ynlieding hâlden haw oer ús wurkgroep yn in ynterfrysk studintekamp yn Aurich. Yn in East-Fryske krante waard dat as folget oankundige: "Aus Amsterdam kommt ein Vertreter der Kabouter". ('Kabouters' wie de namme fan in politike beweging yn Amsterdam, de opvolger fan Provo).

It bisûndere fan Tony wie dat se sa'n ynlieding tegearre mei jo earne yn in kafee yn Ljouwert tarette en sels ek meigong nei Aurich en har dêr ûnder de studinten mong. Mar in soad sukses hiene we net. De studinten út East-Fryslân makken har benammen drok om de befrijing fan de arbeider en fûnen ús ynset foar de eigen taal mar 'falsches Bewustsein'.

### ***Were Di***

Soms kaam de maatskippij ek op ús ôf. Tony stelde ús op in dei foar oan in fertsjintwurdiger fan 'Were Di', in Flaamsk-Nederlânske organisaasje dy't kontakt socht mei Fryske studinten. Oft wy op in gearkomste fan har wat fertelle woene oer de Fryske situaasje. Dat woene wy wol - mar we kamen der pas op it lêste momint achter dat dizze klub rassistyske doelstellingen hie. Tony wist dat al lang, mar fûn it om pedagogyske redenen wichtich dat we dat sels útdekke soene. We teagen dochs nei de gearkomste yn de 'Rode Leeuw' by de Dam: wy soene de hearen wol even it mannewaar opsizze.

De gearkomste einige yn in grutte rûzje. Op in stuit rekken de mannen fan Were Di sels ûnder elkoar deilis en stapte de p.r.-man fan dizze organisaasje op. Yn grutte betizing setten we ôf.

### ***De BVD***

Jierren letter seagen we elkoar wer op in lustrum fan de Natio Frisica yn 1998. Ek Tony wie oanwêzich.

"Witst wol," sei Hoatse, "dat de moeting mei Were Di my in oantekening yn it BVD-dossier oplevere hat? Ik haw in kear sollisitearre as boargemaster en doe waard my dat meidield."

Us tinzen gongen út nei in yntelliginte kulturele antropologystudint dy't ek lid fan Were Di wie en braaf ús nammen notearre hie. Dat hie moai wis in ynfiltrant fan de BVD west - wy fûnen doe al dat er út 'e toan foel yn dat selskip. Mar wêrom hie er Hoatse en wierskynlik ús allegearre in BVD oantekening besoarge? We hiene ommers neat blike litten fan simpaty foar Were Di oer. Ik moast dochs even tinke oan de baron en syn bittere wurden oer de BVD.

Tony fertelde noch dat dy begjintiid, doe't alles mûglik like en útprebearre wurde koe, har moaiste tiid oan de VU wie. Ik tink mei waarmte werom oan har enerzjy en reewilligens om oan alles mei te dwaan - as wie se sels noch in studint - en de leechdrompelige wize fan kontakt meitsjen - net inkeld yn les of wurkgroep, mar ek yn 'e mensa of op 'e strjitte foar it Haadgebou. En altyd wie der wer dy bolderjende laits. Sa waard de VU foar ús dochs in bytsje in Frije Fryske Universiteit - in plak om jo thús te fielen en op in eigen manear mei te dwaan oan de ûntjouwingen om jo hinne.